



God sels hat sprutsen yn de tiid - Advint  
God heeft gesproken in de tijd – Zingend geloven 5 nr.86  
Bekroane mei de Bernard Smilde priis 2014

tekst Tom Naastepad  
oersetting Jacobus Knol  
meldij Willem Vogel

1 God sels hat sprut - sen yn de tiid,  
syn Wurd kaam nei de ier - de,  
syn wiis - heid en syn rieds - be - slút  
woll' hâld en honk ús bie - de.  
Hy bant de lea - gen, fal - ske lear,  
wa't ropt en raast sil swij - e;  
syn wier - heid leart ús sin - ne - klear:  
God sil syn wrâld fer - nij - e.

Dê't minsken 't godlik Wurd ferstean'  
sil hoop foar earmen groeie.  
De steppe mei yn pronkklean gean,  
de toarre twiich sil bloeie.  
Wa't delsein wie, wint fleur en tier,  
God follet lege hannen.  
En sjonge sil, wa't no noch stil  
ferkwynt yn boei en bannen.

Wês net lytsmoedich yn 'e tiid  
fan tsjinspraak en benearing,  
It Wurd sil stean! Rop lûd en bliid:  
Hosanna foar ús Heare!  
Hâld it mei Him, want Hy oerwint.  
Dit moatte jimme witte:  
De tiid fergiet, mar 't stjerrend sied  
jout fruchten oer de mjitte.

*Dit is it winnende liet fan de Bernard Smilde priisfraach dy't Krúspunt útskreaun hat foar in nij Frysk krystliet en it is foar it earst songen op de Krúspuntdei fan 29 maart 2014 yn Feanwâlden.*